

Ferslach fan de gearkomste yn “De Koperen Tún” op sneon 1 desimber 2018

Oanwêzich: 72 persoanen, neffens presinsjelist 47 út Fryslân en 25 fan bûten Fryslân of net oanjûn. Foarsitter Gosse fan der Plaats iepenet koart nei 13.30 oere de gearkomste. Syn earste wurden binne net te ferstean, mar mei wat technyske oanpassingen oan de mikrofoan wurdt dat ferbettere. Gosse hjit alle oanwêzigen fan herte wolkom, leden en gasten fan it wurkferbân en belangstellenden. In spesjaal wolkom kriget Willem Smink, ad ynterim direkteur - bestjoerder fan de Fryske Akademy. Desimber is de moanne fan Sinteklaas, dan tinkt men oan in tsjok boek mei in protte nammen dêryn. No, in tsjok boek mei in protte nammen is it wurden, it Genealogysk Jierboek 2018.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Berjocht fan behindering is ynkommen van frou Sterringa en de hear Lont.

De foarsitter jout it wurd oan Melle Koopmans fan de Grêfskriften Kommisje. Melle docht ferslach van sirka tsien sarken die 't fûn binne yn Brantgum, mei nammen as Ripperda, Brúnfeld, Rinse Jans, Sjoerd Rinses, inkelde noch ûnder de flier. De Walle hat hjiroer yn syn blog skreaun. Sytse Elzinga út Menaam hat dwaande west mei in stien fûn by de seedyk ûnder Surch, no op Sytse syn terras, fan Teeckle Siercks Tolsma út Easterein, stoarn yn 1720, omtrint 51 jier âld. Hy wie 4 novimber 1701 yn Mullum(Midlum) troud mei Ydtie Johans Crommedijck út Midlum, stoarn yn 1740, 57 jier âld. Fierder sil men oan de gong mei de tsjerke fan Dedgum, dêr is noch neat oan it ljocht kommen. – Ynkommen stikken binne der ek net.

3/4. Presintaasje fan Genealogysk Jierboek 2018

Mei in “Ype, wêr bist?” ropt de foarsitter Ype Brouwers fan efter de gerdinen. Dizze nimt de lieding oer mei in petear oer it nije jierboek, wat beskiedener as yn 2017. It giet wer oer minsken - minsken ha skiednis; oer pleatsen en grûn. De auteurs ha moai wurk levere. Jan de Vries oer Bruinsma en Hylckema fan Warns. Petronella Elema oer Libarius. Gosse van der Plaats oer foar- en neiteam fan Aechje Heres op de Lytse Geast, mei in ferhaal dat spilet op koaipleatsen dêr. It stik “Titus Brandsma III” fan de yn maart ferstoarne Henk Zeinstra is bewurke troch Harmen Foekema en Ype Brouwers. Pieter Nieuwland syn nije boarnenpublikaasje “de verkoping van de laatste Friese kloostergoederen” is in goudmyntsje fol pleatsen en nammen. It jierboek slút tradisjoneel mei de Wapenregistaasje. Nei dizze koarte ynlieding jout Ype it wurd werom oan foarsitter Gosse van der Plaats. Dizze freget Willem Smink nei foaren om him it earste eksimplaar oan te bieden. Jierboekjes, letter jierboeken binne der sûnt 1951. Sûnt 1981 hat Ype Brouwers dêroan meiwurke, hwat him op in waarm applaus foar syn ynset komt te stean. Ype beklammet dat it “teamwork” is fan alle redaksjeleden.

De foarsitter jout it earste eksimplaar fan it Jierboek 2018 oer oan de hear Smink, ûnder betingst it útkommen fan it jierboek yn 'e takomst te garanderen. Smink seit dêrfoar tank, en stelt dat it fan grut belang is te witten wêr jo wei komme en dat de FA en it Wurkferbân ús identiteit libben hâlde. Hjirnei komme de auteurs oan it wurd, elk oer syn eigen publikaasje, it earste part fan it Jierboek op de siden 7-244.

Jan de Vries oer Bruinsma en Hylckema van Warns

It giet oer Skarl en Laaksum, it ein fan 'e wrâld, mei inkelde plaatsjes. De streek hat gjin prekadastrale atlas of HISGIS. Wy ha de Schotanus kaart 1718 wol. De famyljes Bruinsma en Hylckema wiene oan de ein fan de 16de iuw foaroansteand yn Warns. Bruinsma hie stim 14 en 41, Hylckema stim 10 en 15. As minsken mei stimmen 10.000 gûne hiene yn 1640 wiene se ryk. Hjoed de dei is der yn de streek net folle feroare. Yn 1636 is de tsjerke ôfbrutsen en der is in klokkestoel delset. De Bruinsma's sieten by it Reaklif, dy de streek bekend makket. De namme Klifstra, dêr wol oannommen, is útstoarn.

De sprekker hat it oer de fantasykronyk fan Andreas Cornelius van Staveren; oer Regnerus Jouconis Warnensis medicinae doctor, yn waans testamint stie dat it syn winsk wie yn it grêf fan syn âlden begroeven te wurden; oer Hein Meines de Vries, walfiskfarder kommandeur en syn proviandboek, oer Uilk Sipkes, syn widdow, en har sulveren skaal; oer in tsjerkeraam yn Oudshoorn by Alphen oan de Ryn mei famyljewapens; oer Evert Oostenveld (1746-1807), skriuwer fan it dykbestjoer, dy troude wie mei in Bruinsma dochter. En folle mear, te finen op de siden 7-73 fan it jierboek.

Petronella J.C. Elema oer Libarius

Petronella har famylje is te finen yn Noard-Hollân en Grinslân en yn in lyts stikje Noardeast-Fryslân (Kollumerlân en omkriten). Yn har genealogy kaam Abraham van der Velde foar, dy yn Amsterdam troude mei Anna Dorothea Libarius. De namme Libarius betsjut "koekebakker", in respektabel berop, en de Latynske namme makket nijsgjirrich. Libarius begjint mei Jacob Libarius (1676-1736), apotheker yn Grins. De neiteam is mar foar in part Frysk. It ferfolg yn Amsterdam wie ryker, sa hienen se in bûtenpleats oan de Amstel. Anna Dorothea wie de lêste Libarius, se hie wol seis bern, mar der is gjin Libarius mear. Dizze genealogy (1600-1800) hat frou Elema knap útwurke yn har bydrage oan dit jierboek op de siden 77-89. Ype Brouwers tanket har foar har klear taal.

Gosse van der Plaats oer "Voor- en nageslacht van Aechje Heres op de Kleinegeest onder Tietjerk"

Aechje hat nûmer 661 yn de kertiersteat fan Gosse syn bern. De DTB boeken jouwe ús net folle ynformaasje, yn Berltsum earst fan 1772 ôf, wy ha mear oan de kollaterale suksesje fan har broer Arjen Heres. Arjen Heres komt op de webside AlleFriezen.nl mar ien kear foar. Yn dit gefal is de belêsting ús freon mei boarnen dy noch net op ynternet stean. Wybe Heeres, master weinmakker yn Menaam, keapet in pleats súdlik fan Berltsum mei de namme Maersma. Hy hie in soan Heere Wybes troude oan Fouw Scheltes. In probleem wie har heit Schelte Symens, dy't yn de stikken twa kear foarkaam, hy soe foar 1698 al stoarn wêze, mar blykt letter wêr te libjen. Gosse hat de generaasjes útwurke oant en mei 1811, dêrnei soe it te folle wurde foar in publikaasje yn it jierboek. Sybe Jans wie de buorman fan Aechje, se binne yn 1737 troude, mar Achje har earste man Dirk Sybrens hat der foar soarge dat er no noch in protte neiteam is. Ek in tûke fan de famylje Algra / Algera fan Suwâld en Tytsjerk en de namme Veninga komme yn dit stik foar. Details binne te finen yn Gosse syn bydrage oan it jierboek.

Nei in kaart skoft komt Harmen Foekema oan it wurd oer Titus Brandsma III.

Tegearre mei Ype Brouwers hat Foekema it materiaal bewurke fan Henk Zeinstra (†2018 âld 78 jier). Henk wie tige sekuur, net benaud om nije paden yn te slaan; hy hat as ynformant yn Tresoar in wrâld oan minsken holpen; hy wie in mear as geregeld meiwurker oan it Genealogysk Jierboek, der steane 19 publikaasjes op syn namme sûnt 1981, bygelyks yn 1996 de famylje Tolsma en yn 2001 de famylje De Nes fan Aldeboarn. Ek de heraldyk hie syn ynteresse.

Syn grutste wurk is de kertiersteat fan Titus Brandsma yn fjouwer dielen. De earste twa dielen binne útkaam yn 2005 en 2006 en no ha wy foar ús it tredde diel yn de bewurking fan de redaksje, dy der neffens Ype in hiele klobbe oan hân hat. Henk soe dêr wol tefreden mei west ha, tinkt Harmen. De fraach wurdt steld of er ek in fjirde diel komt? Dat liket in goed idee.

Pieter Nieuwland oer “De verkoping van de laatste Friese kloostergoederen”

Yn de perioade rûn 1580 waard hjir de “pauselijke superstitie” ferbean. Der wiene yn die tiid noch in protte kleasters yn Fryslân, de twa grutste wiene Claercamp by Rinsumageast en it Gerkeskleaster. De Steaten fan Fryslân namen it behear oer de kleasters oer. Muontsen en nonnen krigen wol in lyts pensjoen. Piet Nieuwland hat yn de ynlieding fan syn stik de tastân en ûntjowing rûn de kleasters yn de perioade 1580-1648 wiidweidich úteinset. Yn de lettere jierren kamen de Steaten yn jildneed. Om de plichten oan de “generaliteit” nei te kommen kamen de Steaten op it idee pleatsen út it kleastergoed ta jild te meitsjen. Keapers wiene yn it algemien de boeren dy’t dy pleatsen al hierden. Twa en in heal miljoen gûne brocht it op, yn jild fan no sa’n trije hûndert miljoen. Is dat folle? Dan folget it belangrike oersjoch mei de transkripsje fan stikken oer de ferkeaping fan 1644 mei de nammen fan folle pleatsen en persoanen yn Fryslân. Genealogysk binne famyljes fan adel, bygelyks Burmania en Lijcklama à Nijeholt, útstoarn (gjin neiteam mear yn manlike line), mar boerefamyljes binne noch springlibben.

Jelle Terluin jout út namme fan de Fryske Rie foar Heraldyk taljochting op de Wapenregistraasje.

Der is in artikel oer wapens út ferskate boarnen fan R.J. Broersma en oer Biltse wapens fan Kees Kuiken. Jelle besprekt de famyljewapens Bethlehem, Bijlsma, Boelstra, Bosma, Braaksma, Cuperus / Kuperus, Slim en Wassenaar; de doarpswapens fan Ferwert en Hegebeintum en korporaasjewapen ‘Brongergea op de Kaert’.

5. Omfreegjen

Der is neat foar it omfreegjen.

6. Sluten

De foarsitter betanket de redaksje fan it jierboek en de sprekkers foar it knappe wurk fan dit jier, de besikers foar de moaie opkomst fan hjoed, en winsket elkenien wol thús.

Ljouwert, 31 desimber 2018

Bouwe van der Meulen